

## MOASJE

**Wurklistpunt:** 12. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

**Underwerp:** Protest tsjin ôfskaffen keninklik earbetoan frijwillige brânwar

**De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 27-02-2020**

**Sprekt út:**

Om protest oan te tekenjen tsjin it beslút ta it ôfskaffen fan in keninklike ûnderskieding nei minstens 20 jier brânwar frijwilliger.

**Fersiket it kolleezje:**

Dit kenber te meitsjen oan de Kancelarij der Nederlandse Orden, it regear, de leden fan de 1<sup>e</sup> en 2<sup>e</sup> Keamer en yn ôfskrift oan de ministers Grapperhaus (Justysje) en Ollongren (Ynlânske saken) en allyksa oan de ferskate gemeenterieden yn Fryslân om adhesy.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

**Taljochting:**

De frijwillige brânwar is ûnmisber en fertsjinnet wurdearring foar harren trouwe tsjinst. In lintsje is dêr in prachtige foarm foar en brânwarfrijwilligers stelle dizze erkenning sear op priis.

Dizze minsken sette harren libben frijwillig yn it lykwicht.\*

It belangrykste argumint foar de ôfskaffing is neffens de kancelarij, de 'rûme finansjele fergoeding' dy't de frijwilligers krije: gemiddeld sa'n 2000 à 3000 euro per jier. Dit slacht nearne op, om't bygelyks riedsleden, wethâlders en steateleden, in folle gruttere fergoeding krije, mar nei minimaal 12 jier by ôfskied wol ûnderskieden wurde.

\* In de waagschaal stellen.

FNP-Achtkarspelen, VVD-Achtkarspelen, PVV-Achtkarspelen,

Hr. T.O. Brinkman      hr. F.J. Hoekstra      dhr. H.J. Graansma

Motie is **ingetrokken**